FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Foar:
bestjoer en direksje fan it
Koopmans College
Easteromwei 7
9254 GM HURDEGARYP

131008.Brief Koopmans Kolleezje

Drachten, 8 oktober 2013

Underwerp: Frysk as fak op jimme skoalle

Rju achte bestjoer & direksje,

Der hat rom omtinken yn ’e media west oer de iepening fan jimme skoalle yn Hurdegaryp mei’t it konsept SVPO yn Fryslân in nij konsept is. En sa’t it giet mei nije fenomenen, dat ropt alderhanne fragen op. Sa hawwe wy fragen oer it Frysk as fak, dy’t wy jimme graach stelle – en koart útlizze – wolle.

Yn de nijsbrief fan 30 augustus dy’t op jim webside te finen is, steane de dosinten kreas ûnderinoar opsomme. Dêrby falt fuortdaliks op dat der net in dosint Frysk is. Dat fernuveret ús om’t yn de brêgeklassen it Frysk in ferplichte fak is yn it fuortset ûnderwiis. Hoe kinne de bern sa de kearndoelen sa’t dy foar it fuortset ûnderwiis steld binne, behelje? Boppedat jildt it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen*, dat de oerheid yn 1996 ratifisearre hat. Yn kêst 8, c, iii stiet de opjefte: ‘Binnen het voortgezet onderwijs te voorzien in het onderwijzen van de desbetreffende regionale talen of talen van minderheden als integrerend deel van het leerplan.’ Dat artikel jildt foar it Frysk as minderheidstaal en der sil (ek) oan dy betingsten foldien wurde moatte. Om’t wy dus neat gewaar wurde oer in Fryske dosint, binne wy nijsgjirrich nei it hoe’t dêr wol oan foldien wurdt.

Lykwols binne dat regels en wetten dy’t yn prinsipe fier fan it yndividuele bern ôf steane. Eltse skoalle stelt op syn eigen wize it bern foarop. Jimme dogge dat benammen troch in persoanlike oanpak, al is dy net yndividueel, sa lêze wy op de webside. Lykwols kin der oangeande it Frysk moai mei jimme prinsipe wurke wurde. Der is alderearst in ferskil tusken Frysktaligen en net-Frysktaligen. Mar ek yn de ‘kategory’ Frysktaligen is fakentiids it nivoferskil grut, dus dêr is differinsjaasje mooglik, om net te sizzen needsaaklik. Wy meitsje ús dus soargen oft dat adekwaat dien wurde kin as der in saakkundige fakdosint ûntbrekt yn jimme tiim.

Wy sjogge út nei jimme reaksje en antwurden op ús fragen.

Mei rju achtinge,
foar de *Feriening Frysk Underwiis*,
drs. Th. Dykstra, *foarsitter FFU*

drs. S.T. Hiemstra, *skriuwer FFU*